



## Tusken de Kreidlers

**J**a, ik bin o sa foar better Frysk ûnderwiis. En nee, ik rin leaver net efter in sterke man oan. Pompeblêden, grutte swurden, in skyld, in flagge, Grutte Pieren, reagjende Redbads, ik wol der bêst wat oer witte mar dêr giet it my net om. It giet my om it Frysk, de taal fan thús, de taal fan heit en mem, de taal fan hjirre. Myn taal.

As immen seit dat ik dy mar moai thús yn in kast opbergje moat tusken de kaanferballen, en dan mar hoopje dat der wat fan oerbljuwt, dan wurd ik grimmitich. As immen seit dat Frysk learen leuk is foar de hobby, om yn de priveesfeer wat mei om te pielen, dan wurd ik grimmitich. It is ferjamme gjin figurseagjen!

Je moatte it Frysk foaral net oan oaren optwingje, wurdt der sein. Lit elk dy't der wat mei hat, der sels mar moai mei rêde – en as it dan útstjert, stjert it út. It soe wat wêze as wy sa mei ús talen omsprongen. Fansels moatte je de behearsking fan in taal, it fatsoenlik oanlearen derfan en de literatuer, wol optwingje. En dan bedoel ik it ekwivalent fan it Hollânske 'opdringen' – net troch de strôt triuwe, mar opfuorje, ek wannear't skoalbern der sels net om sitte te springen.

Dat dogge wy mei alle skoalfakken, al mei it sa eins net hjitte. Wy jouwe it de bern mei, om't it wichtich is, of moai, goed om te witten, fan belang om te funksjonearjen yn de wrâld dêr't je folwoeksen yn wurde. As wy it ôfhingje litte fan it ferlet, fan de wille, as it mei alle geweld hûndert persint 'fun' wêze moat – dan wurdt it neat, dan witte se oan de ein fan de skoallerit allinne wa't de Mol wie. Net optwingje? Hoe soene wy as Ljouwerter en Fryske bern oars Nederlânsk leare moatten hawwe? En Ingelsk,

“Wêrom is datselde entûsjasme net yn de striid goaid foar it Frysk?”

Frânsk, Dútsk? De ûnderwizers en leararen hawwe it ús optwongen, aldergeloks, krekt as sawat alle skoalfakken. Tsjin heuch en meuch, meastal. Se wisten fan gekkicheid bytiden net wat se betinke moasten om it foar dy pubers ek noch wat nijsgjirrich te meitsjen, om der wat 'fun' yn te lizzen – dêr hiene se doe net folle mear foar as wat filmkes, grammofonplaten, út en troch miskien in reiske. Us desynteresse moat harren bytiden wanhopich makke hawwe, mar efternei bin ik se allegear dochts mar moai tankber dat se trochset hawwe.

Net alle boeken dy't wy yndertiid lêze moasten, wiene oan ús bestege. Wy moasten der trochhinne, of op syn minst de úttreksels lêze, oars waarden wy net ryp achte om de skoalle wer út te gean. En sa is der dochts in moaie basis lein, dêr't in generaasje mei fierder koe.

No ja, foar de measte skoalfakken dan. Frysk kaam der net echt oan te pas. Dat wie goed genôch foar it geswets tusken de Kreidlers en de Puchs. Fan alle talen waard ús de grammatika en de literatuer oanbean, mar ús eigen Frysk – ho mar. In Frysk boek klassikaal behannelje, dat wie der net by. In dosint dy't foar de klasse yn it Ingelsk of Frânsk of Dútsk syn entûsjasme foar in geweldige skriuwer of in fantastysk boek oerbringt, dat bliuwt je by.

Wêrom is datselde entûsjasme net yn de striid goaid foar it Frysk? Dan hie der no miskien ek in hiele generaasje be-tûfte ûnderwizers klearstien foar it basisûnderwiis.

De deadwanner is gauris it ekonomysk nut, dêr't wy op alle terreinen mei om de earen slein wurde. No, goai dat ekonomysk nut mar yn myn pet.

Lit ús dan allegear mar gau Sinees leare. Ni hao.

fedde.dijkstra@lc.nl



## Se praat en skriuwt de taal net en dochts is se al jierren ien fan de meast produktive makkers fan Fryske berneboeken. Remus Reuzemûs is de nijste titel fan Marianna van Tuinen.

Sietse de Vries

**H**ar earste beide boeken yn 1979 wiene fuortendaliks yn it Frysk. Se wenne yn Amsterdam doedstjids, se réagearre op in advertinsje yn de *Leeuwarder Courant*. Utjouwerij De Friese Pers socht in grut ferksaat oan persoanen, ûnder wa skriuwers en yllustratoaren. Marianna van Tuinen (1951) lei yn in sollicitaasje-brief út dat se yllustraasjes foar boeken makke yn de foarm fan papierkollazjes.

„Niet lang daarna kreeg ik bezoek van het hoofd van de boeken-uitgeverij, Martin Hopman. Een vriendelijke, enthousiaste man. Ik liet hem twee manuscripten voor kinderboeken zien, tekst en illustraties, allemaal op losse vellen. Of hij ze mocht meenemen naar Leeuwarden? Zes weken later stond hij met twee stapels boeken bij me voor de deur: *Circus Spaghetti* en *Gabriel syn geheim*.”

It wiene de presinteksimplaren fan it dûbele debút fan in nije skriuwster. Hopman hie frisiast Reitze Jonkman frege om se yn it Frysk oer te setten en sa koe it dat Van Tuinen as Frysk skriuwster debutearre sûnder dat se de taal yn 'e macht hie. Se wie der bliid mei. „Ik ben een Fries, ook al spreek ik de taal niet.”

### IETS APARTS

Se hat inkelde tsientallen jierren yn Haarlim wenne, en sûnt oardel jier hâlde sy en har man yn Ysbrechtum ta, mar se komt oarspronklik fan Snits. In tekenfamke wie se yn har jonge jierren, de skriften út har bernetiid tsjûge dêrfan. „Ik zat altijd te tekenen. Als we bezoek hadden, zat ik in de achterkamer te tekenen en als de mensen weggingen, kregen ze een tekening mee. Ik zie nog voor me hoe de dokter met een tekening van mij op de achterruit van zijn auto wegrijdt. Het was mijn manier om me te uiten.”

Nei in koart aventoer op de so-sjale akademy yn Amsterdam – „daar zat ik als meisje uit Sneek tussen al die goedgebekte Amsterdammers die alles van politiek wisten” – kaam se yn Grins telâne. Se wurke in skoft by de Gasunie op

de administraasje, oant immen tsjin har sei: „Jij zat altijd te tekenen, waarom ga je niet naar de kunstacademie?”

Ta har eigen ferrassing waard se daliks talitten. Se folge de rjochting publisiteitsfoarmjouw-ing, dêrneist lei se har op modeltekenjen ta. Foar har einskamenprojekst rjochte se in fiktive útjouwerij op en ûntwikkele dêr briefpapier, in byldmerk en oare dingen foar dy't fan in publisiteitsfoarmjouwer ferwachte wurde.

„Het moest iets helemaal van mezelf zijn, vond ik, iets apart. Ik begon wat te spelen met stukjes papier. Uitscheuren, schuiven, plakken en zo ontstonden – geheel intuïtief – mijn eerste illustraties. Ik bedacht er een verhaal bij en zette de tekst in lood. We zijn nu ruim veertig jaar verder en zo werk ik, wat die illustraties betreft, eigenlijk nog steeds.”

Martin Hopman naam har nei nei de Frankfurter Buchmesse, hoopjend dat er de boekjes fan Marianna van Tuinen oan bûtenlânske útjouwers ferkeapje koe. Se sjocht noch foar har hoe't Hopman en in Sweedske útjouwer drok mei elkoar yn petear wiene en dat de hollen fan de beide manlju hieltyd reader waarden. Dat wie net in goed teken.

„Later hoorde ik dat het stuk was gelopen op de rechten. Die Zweed had die willen overnemen, Martin Hopman wilde ze niet afstaan.”

Hoe'n bytsje de reis nei Frankfurt ek opsmitten hie, foar Van Tuinen hie it in opstekker fan jewelste west. „Je staat wat te scheuren en te plakken en dan zie je twee volwassen kerels met elkaar bakkeleien omdat ze allebei de rechten van jouw werk willen. Dat gaf me de energie en de moed om andere uitgevers te bellen en ze te laten zien: dit ben ik en dit doe ik.”

### BERTEKAARTSJE

It wie it begjin fan in lange karriêre. Fan de 24 boeken dy't se yn 'e rin fan 'e jierren makke hat binne by 13 de tekst en de yllustraasjes



Marianna van Tuinen skuorde earst papier, letter begûn se mear te knippen



Marianna van Tuinen: „Je maakt iets en je treedt de wereld open tegemoet. Dan komt er vaak van alles op je af.” FOTO NIELS DE VRIES

# Moanneljocht klinkt poëtischer dan maanlicht

fan har hân, by 11 allinne de yllustraasjes. In oantal boekjes is ek yn Itaalje en Denemarken útjûn.

Har earste boek nei har dûbele Fryske debút wie *De zon heeft de tijd*, in boekje foar beukers oer it ferskynsel tiid. „Een poosje geleden kreeg ik een verzoekje van een vrouw. *De zon heeft de tijd* was als kind haar lievelingsboek, ze vroeg me of ze een van de tekeningen daaruit voor het geboortekaartje van haar eerste kind mocht gebruiken. Van zoiets kun je alleen maar blij worden.”

Faak wurdt se frege om de yllustraasjes by in al besteande tekst te meitsjen, mar oarsom komt ek foar. Sa makke se foar útjouwer Clavis in rige biste-yllustraasjes foar pjutten. Doe't skriuwster Elly van der Linden dy lizzen seach by de útjouwer, wie har reaksje: „Wat leuk, mag ik daar gedichtjes bij maken?” Dat mocht.

Dat se goed fjirtich jier nei dat earste tafallige begjin noch altyd fêsthâldt oan deselde technyk fynt se sels ek opfallend. „Het is mijn manier om me creatief te uiten blijikbaar. Ik vind het heerlijk om een stuk papier vast te pakken en daar wat mee te doen. Ik maak eerste een ruwe schets om er een

bepaalde expressie in te krijen, maar het echte werk begint met het scheuren en het knippen.”

Yn de begjintiid kocht se foar in gûne in map mei fiif âlde Story's en Privé's, mar dêr is se letter fan ôfstapt: te tin papier, sjochst de lym der trochhinne ast net oppast. No keapet se har papier meast yn spesjaalsaken, mar se probearret ek nije techniken út. Dat kin mei selsmakke akwarellen wêze, mar ek mei bijewaaks bygelyks.

Lei se har de earste jierren foaral op it skuorren fan papier ta, letter is se hieltyd faker begûn te knippen. Soms brûkt se beide techniken troch elkoar.

„Ik speel ermee. In *De kleine giraf* heb ik alles in de natuurlijke wereld gescheurd en alles in de stad geknipt. Het geeft mooi het contrast weer tussen het losse van de natuur en strakke van de stad waar alles is uitgedacht.”

### GRUTTE FOARMEN

Har wurk slút goed oan by wat bern sels ek meitsje. Grutte foarmen, felle kleuren, ienfâld. „Dat spreeket mensen van alle leeftijden aan. Je maakt het voor kinderen, maar het zijn ouderen die de boeken kopen. Niet dat ik daar bewust

rekening mee houd, het is eerder het kind in mezelf dat me tot deze manier van werken brengt. Volwassenen herkennen dat, denk ik, die herkennen het kind in zichzelf in mijn illustraties.”

Dy wat bernlike manier fan sjen helpt in skriuwster-yllustratise neffens Van Tuinen ek om har steande te hâlden yn de wrâld fan boeken en útjouwers. Se bellet útjouwers op, in oare kear lit se har troch in skriuwster by in útjouwer yntrodusearje. „Je maakt iets en je treedt de wereld open tegemoet. Dan komt er vaak van alles op je af.”

Sa hearde se oait de namme Koen Eekma fallen. Se tocht: „Die ken ik nog uit Sneek. Een jongetje met zwart slukik haar, een grijze streepjestrui en rooie laarsjes. Zo werkt mijn geheugen, in beelden. Hij was directeur fan de Afûk en gaf kinderboeken uit. Mij kende hij niet meer – ik was een stil en onopvallend meisje dat altijd zat te tekenen – maar ik heb het jaar daarop wel samen met Riemkje Pitstra het *Aksjeboek foar bern* gemaakt.”

### MOANNELJOCHT

Har nijste boek hat as titel *Remus*


*Reuzemûs*. It giet oer in mûs, dy't der – om't er net wit dat der ek oare wêzens as mûzen besteane – fan oertsjûge is dat er de grutste en sterkste fan elkenien op 'e wrâld is. Remus is basearre op in tekening dy't se goed 31 jier lyn makke foar it bertekaartsje fan har soan Jense Laurens.

In frou dy't de tekening seach, sei: „Daar ga je zeker een boek over maken.” Marianna van Tuinen miende dat it net foar neat wie dat immen soks sei. En dus moast se der wat mei dwaan.

Krekt as de measte fan har boeken by útjouwer Elikser, is *Remus Reuzemûs* der yn it Nederlânsk en it Frysk. De oersettingen binne fan Ytsje Steen. Opmerklik is dat de skriuwster de oersettingen fan Steen moaier fynt as it orizjineel fan harsels. „Het Fries heeft zoveel meer expressie, het komt zoveel meer naar je toe.”

Se begjint te blêdzjen, op syk nei moaie wurden. „Hier. *Moanneljocht*, dat klinkt veel poëtischer dan maanlicht. *Tsjuster* is mooier dan donker, *ljedder* mooier dan ladder. Of neem dit woord: *fuortendaliks*. Ik weet even niet wat ik daar geschreven heb, maar dat is vast zo mooi niet.”

“Na een ruwe schets begint het echte werk met het knippen en scheuren



Titel: *Remus Reuzemûs*. Tekst en yllustraasjes: Marianna van Tuinen. Oersetting: Ytsje Steen. Utjouwer: Elikser. Priis: 15,50 euro (37 siden)